



# 't Boaskjen fan jongelju 2

*is swiet as it giet mei âlderried*

## TYPE AKTIVITEIT

Oantinkens ophelje yn in petear, nei oanlieding fan it ferhaal fan Tryntsje en Teake Posthumus

## TEMA

Utfleane, in eigen húshâlding begjinne. Leafde, famylje, it libben rûn

## OANTAL DIELNIMMERS

1-5

## DOER

60+

## PERIOADE

Kies út: 1940-1949, 1950-1959

## SLÚT OAN BY

**Alde Leafde**, it ferhaal oer Tryntsje en Teake Posthumus

*Sjoch foar oanfoljend materiaal op de webside [datwiedoesa.nl](http://datwiedoesa.nl)*

## In eigen húshâlding

**T**ryntsje en Teake ferlove harren yn in tiid fan ekonomyske krisis. Famylje is foar harren net allinnich emosjonele stipe, mar betsjut ek praktyske help. Teake wennet foar syn trouwen by syn broer yn en as er ienkear trouw is mei Tryntsje, wenje se earst noch by de âlders fan Teake yn.

Yn de jierren nei de Twadde Wrâldoarloch wie der in grut tekoart oan wenningen. Dêrom bleaunen krekt troude stellen faak noch in skoft by harren âlders of skoaâlders ynwenjen, sa as Tryntsje en Teake. Dat wie net altyd maklik. Ek ûnder de dielnimmers binne der faaks wol guon dy't dat meimakke hawwe.

Mei of sûnder eigen hûs it is net samar wat om foar it earst in eigen húshâlding op te setten. Doel fan dizze aktiviteit is it opheljen fan oantinkens oan it grutske begjin fan de eigen húshâlding en dêr ûnderfinings oer út te wikseljen.

De fragen binne taspitst op minsken dy't trouw binne of trouw west hawwe. Jo kinne de fragen oanpasse oan allinnestenden.

Trochfregje nei konkrete details, lykas ûnderdielen fan de útset, kin it ûnthâld op gong helpe. By alle fragen op de kaart binne dêrom in stikmannich 'trochfregje-fragen' opnommen.



len fan de brieven fan Klaas Kuperus út 1949 as hy yn Ynje ferbliuwt. Hy skriuwt en tekenet oan freondinne Tini Hoogland, dy't op dat stuit noch thús wennet by har âlden op 'e Jouwer.



Yn **Alde Leafde** binne brieven byelkoar brocht fan ferskate Friezen dy't yn de perioade 1940-1975 skreaune oan harren leafsten.

## TARIEDING

Freegje dielnimmers fan tefoaren om in trou-album mei te nimmen of in foto-album út de tiid dat se it âlderlik hûs krekt efter harren litten hiene.

## WAT JO NEDICH HAWWE

Fan alle dielnimmers:

- In foto-album út de tiid dat se it âlderlik hûs krekt efter harren litten hiene.

Foar alle dielnimmers:

- Pinne en papier
- Kopy fan it ferhaal fan Teake en Tryntsje
- Kopy fan harren brief
- Kopy fan harren foto

*It soe wêze kinne dat der dielnimmers binne dy't net sa maklik (mear) skriuwe kinne. Dat is foar dizze aktiviteit gjin probleem. Oantekeningen binne allinne bedoeld as stipe foar it ûnthâld, dersûnder kin it ek.*

## Opdracht

*Petear oer it begjinnen fan in eigen húshâlding*

## Aktiviteit

1. Diel kopyen, pinnen en papier út.
2. Lit elkenien it ferhaal en de brief lêze. Of lêse it ferhaal sels of lit ien fan de dielnimmers it foarlêze.
3. Lit de dielnimmers in foto opsykje fan harren earste selsstannige wenning om oan de oaren sjen te litten.
4. Lit de dielnimmers op papier oantekeningen meitsje oer harren antwurden op de ûndersteande fragen:
  - Wêr wennen jo foar jo trouwen en wêr dêrnei? Wannear gongen jo it hûs út? Wat wie de oanlieding?
  - In eigen húshâlding begjinne is in grutte stap. Hoe hawwe jo dat ûnderfûn? Krigen jo stipe fan thús? Wie der bemuoienis fan jo âlders, skoanâlders of oare famylje?
  - Yn tiden dat it krap wie wennen jonge stellen faak by harren (skoan)âlders yn. Kenne jo dêr ek foarbylden fan? Of hawwe jo dat sels meimakke?

**TIP:** Trochfreegje: Hiene jo in útset? Wêr kamen de meubels yn de begjintiid wei? Hoe ferdielden jimme de taken yn 'e hûs? Kamen jo âlders in soad by jim oer de flier? Krigen jimme help by it ynryochtsjen of opknappen fan it hûs? Kamen der bern? Hawwe jo letter nochris in kear by jo âlders of skoanâlders ynwenne?

5. Gean de rûnte bylâns en freegje alle dielnimmers om harren foto sjen te litten en antwurden te jaan oan 'e hân fan harren oantekeningen. Praat fan tefoaren ôf hoefolle tiid elkenien kriget en hâld dy tiid ek by.
6. Jou de dielnimmers de mooglikheid om te reagearjen op elkoars antwurden en troch te freegjen. Stel dêr ek in tiidslimynt foar fêst en hâld dy ek wer by.



Ut it boek *Alde Leafde*. Douwe fynt it nei harren trouwen yn 1958 wichtich dat Carlie har selsstannichheid behâldt. Syn mem wie ûnderwizeres en dat hat him dúdlik op dat spoar set. Carlie begjint in keunstniverheids- en hantwurkwinkel en hat ek har middenstânsdiploma helle.